provinsje fryslân
provincie fryslân

Iepen MiENSKiPS fûns

Ynspiraasje taalpunten IMF

Wy wolle graach de Fryske taal en de streektalen yn Fryslân mear sichtber meitsje yn ús mienskip. Dat is oan de iene kant belangryk foar de fitaliteit fan de talen en oan de oare kant draacht it by oan in gruttere belutsenens fan de minsken.

Wy jouwe jim graach wat ynspiraasje oan wêr't en hoe't de projekten it Frysk in plak jaan kinne. As jim ûnderdielen misse, hearre wy it graach. Yn stee fan Frysk kinne projekten dy't útfierd wurde yn gebieten dêr't oare streektalen sprutsen wurde, dy taal meinimme.

Ut namme fan it Team Taal en Kennis, Marjolein van der Plaats en Lysbeth Jongbloed

Gebouwen

Yn de gebouwen kin de sichtberens fan it Frysk fergrutte wurde, troch bygelyks:

- Gebounamme / keamernammen yn it Frysk
- Nammebuordsjes yn it Frysk
- Paadwizers yn it Frysk
- Ynformaasjebuorden yn it Frysk
- Folders yn it Frysk
- Webside yn it Frysk
- Updates op social media yn it Frysk
- Frysk op foarwerpen, bygelyks op kopkes ensa yn kantine / ynventaris / ûndersetters / boekelizzers
- Frysk gedicht op 'e muorre / lift (of stim yn 'e lift)
- Fryske produktenammen (skomkofje)

Bûtenromte

- Nammebuordsjes yn it Frysk / Fryske namme derop
- Ynformaasjebuorden yn it Frysk (tink ek oan natoerynformaasjebuorden Fryske nammen by blommen en bistenammen)
- Gedicht/spreuk yn it Frysk
- Telle yn it Frysk (tink oan hinkelbaan, of safolle kear opdrukke by outdoorfitnesspark)
- Paadwizers yn it Frysk
- QR-koades om Fryske ferskes, gedichten, ynformaasje hearre te litten
- Fryske gedichten op 'e stoep / paad
- Fryske teksten op auto's

Beleving

- Fryske namme
- Fryske paadwizers
- Fryske ynformaasjebuorden
- Fryske app ûntwikkelje by de beleving/route
- QR-koades om Fryske audio hearre te litten, tink oan muzyk, gedichten of in taljochting
- Fryske folders
- Fryske gedichten op 'e stoep / fytspaad ensafh.
- Yn it Frysk de tillefoan oannimme en oansprekke by de baalje
- It opnimme fan in Fryske fideo of podcast
- In Frysk evenemint lykas in dei foar it Frysk, in Frysk toanielstik of in Frysk muzykevenemint

Stipe by it oersetten

Der binne ferskate stipepunten dy't projekten helpe kinne mei de oersetting, jo kinne foar it Frysk kontakt opnimme mei de Afûk.